

**Oantekens fan de jiergearkomste fan de Feriening fan Doarpsbelangen “De Eendracht” fan Deinum**  
op 24 maart 2014, om 20.00 oere yn 't Holt te Deinum.

Der wienen 55 leden opkommen nei de gearkomste, it bestjoer net meitelt

De folgjende leden hienen harren ôfmeld: Rinske Metselaar, Douwe Gerbens, Rika Hessels, Hans van der Meer en Anne van der Wulp. Fan de VVD koe de hear Andries Magrè net komme, fanwege in Kommisjegearkomste; de hear Liefhebber fertsjintwurdiget him.

### **1. Iepening**

Assuerus Jorna iepenet de gearkomste mei in spesjaal wolkom foar de (rieds)leden fan de politike partijen, foar Renske Olthof, hja sil ús wat fertelle oer it Berne Sintrum Deinum, en foar de wurkgroep Kommunikaasje (omniferiening yn oprjochting), dy't fertelle sille oer de ûntwikkelingen en de foarútgong oangeande it opsetten fan in mienskiplike sportferiening (saneamde omniferiening) .

### **2. Meidielings**

Die blike der net te wêzen

### **3. Oantekens fan de gearkomste fan 26 maart 2014**

Famylje Hofman wurdt tank sein foar it oersetten fan de oantekens út it Hollânsk nei it Frysk. Der is in nije opset makke foar it “útnoegingsboekje”, troch Jeanine en Andries Kuipers; it sjocht der kreas út.

- Johan Harms: Punt 12a (side 9) oangeande de werynrjochtsje fan Deinum: It rieplachtsjen fan de bewenners fan Deinum hie breder fan opset wêze kinnen.  
*Andert: yn Klaver Trije is hjir wiidweidich omtinken oan jûn. Doarpsbelang hat hjirby altyd oanjûn iepen te stean foar reaksjes en oerlis. Ek is oan de oanwêzigen op de jiergearkomste fan 2014 frege oft elts der yn it foar mei iens wêze koe dat de fytsbrêge by Ritsumasyl komt. Der wie doe net ien dy't hjir beswieren tsjin útere hat.*
- Folkert Kuipers freget him ôf oft der al it ien en oar bekind is oer it ôfgraven fan de skeantes fan de âlde dyk en oft dizze grûn brûkt wurde sil foar it ferbetterjen fan de iisbaan yn it doarp; punt 12 a (side 10)  
*Andert: it is al wol bepraat mei de gemeente, mar it stuitet faaks op te folle problemen oangeande it wetterpeil, wat dan wer foar problemen bij de omwenners soarget. De gemeente hat fierder ûndersyk hjiroer net útsluten*

Oan de famylje Hofman wurdt frege oft hja de oantekens fan dizze gearkomste wer oersette wolle nei it Frysk; *Thom jout oan dat er it mei nocht docht (yn 't foar ús tank).*

### **4. Jierferslaggen en oersjoch finânsjes**

#### **a. Útfertfûns:**

Der wurdt in nije ferzje fan it finansjeel oersjoch rûndield. De post “diversen” is no ûnderbrocht by de goede posten en/of nei it oersjoch fan Doarpsbelang.

Wob Algra freget him ôf oft it wier is dat de begraffenisferiening € 700 fergoedet bij it ferstjerren en oft dit dan wol genôch is. Der is in aardige finansjele reserve opboud, dat dermei soe de útkearing mooglik ferhege wurde kinne.

*Der is oerlis west met “Twente” en sy advisearje de reserve yn stân te hâlden, mei op it each fan de opbou (leeftyd en kâns fan stjerren fan de leden) en ek sjoen nei de rinten fan hjoed de dei.*

*Ôfptraat wurdt dat Anko van der Veen en Jehannes de Boer tegearre it karbrief fan de begraffenisferiening neisjen sille en derby ek sjen sille nei de situaasje fan hjoed de dei. Hjirby sil ek besjoen wurde oft der wol hannele wurdt sa as de karbrief oanjout en oft de karbrief noch wol foldwaande oanjout wat it doel fan 2015 wêze moatte soe (en sa nedich it kasbrief oanpasse oan de winsken fan de tiid).*

Christina Weiland freget har ôf wat de ûntfangst fan AB-vakwerk wêze kin en hoe as wy oan dat jild komme. *Anko hat it neifrege by AB, mar dêr kinne se der ek net in goed andert op jaan, dat it is derom mar as in kreditrekken op it oersjoch setten.*

**b. Doarpsbelang:**

Hjir binne gjin op of oanmerkings oer.

**c. Ald papier:**

De lêste moannen stiet der noch mar ien kontainer mear by de Spar, wylst dat foarhinne twa wienen. Dit is fanwegen it besparjen op de kosten, no't der minder papier brocht/ophelle wurdt. Der moat nammentlik foar eltse kontainer betelle wurde. It minderjen fan it papier sil te meitsjen hawwe mei it mear brûken fan it ynternet, de e-mail en de digitale foarsjennings fan de kranten. As der mei belied steapele wurdt, moat it wol yn ien kontainer kinne en dat besparret dus op de kosten. Dochs is der wer moai wat âld papier binnenbrocht/ophelle. Dit die ûnder oaren bliken út it bedrach dat ús skathâlder oerskriuwe koe nei de ferienings dy't meidogge.

Ús tank oan de Spar, dy't de minsken dy't warber binne yn it âld papier, fan kofje foarsjocht.

**d. Webside "www.deinum.nl":**

Hjir binne gjin opmerkings/oanfollings.

**e. Kommisje Boarterstún:**

It is mar in lyts ploechje dy't op de boarterstún tasjocht. Teake Buma fersoarget it grien en docht it meanen simmerdeis en it technyske diel wurdt byhâlden troch Jehannes Veltman.

**f. Aktiviteiten kommisje:**

Thom Hofman freget 'm ôf werom de organisearre rûnlieding dien wurdt troch de fûgelwacht fan Marsum. Yn Deinum is ek wol in Fûgelwacht aktyf, nammentlik Fûgelwacht Boksum en omkriten, wêr't Deinum ek ûnder falt. Hja kinnen dizze service fansel ek biede. Titia Wentink jout oan kunde te hawwen oan immen fan de wacht fan Marsum. Hjirtroch is ien en oar ta stand kommen, mar it wie net it doel om de wacht fan Deinum te passearjen.

Thom makket fan de gelegenheid noch gebrûk om eltsenien, dy't it noch net is, oan te trúnjen lid te wurden fan de Fûgelwacht fan Deinum (Boksum en omkriten).

Mystearjespul en bistelûdenspul slaan goed oan by de minsken, want der is in grutte dielname út de omkriten wei.

**g. Wurkgroep Deinum Doe & No**

It nije boek komt oan de ein fan dit jier (2015) út.

**5. Ferslach kaskommisje**

De kaskommisje bestiet dit jier út de leden Jehannes de Boer en Thom Hofman.

Jehannes sitearet: der wie dit jier in lyts ferskil n de post "ferskaat". Mar dit is oanpast, dat no is alles wer yn oarder. It is wol in hiel karwei om alles yn ien jûn nei te sjen. De Aktiviteiten kommisje wie net goed te kontrolearjen, want alle bonnen binne der net en alles giet noch oer de kas. Anko jout noch oan dat de bonnen efternei efter yn it skrift sieten. ûnderwilens is dit bijwurke.

Op útstel fan de kaskommisje krije bestjoer en ponghâlder desjarzje, wêrby de hannen op-inoar komme.

Jehannes hat no twa kear de kontrôle mei dien, mar wol fierder noch wol wer helpe by it opstellen fan de sifers foar de ledegearkomste; Anko wol hjir wol graach gebrûk fan meitsje.

Om't de kaskommisje rûlearet en Jehannes syn taak der op sit wurdt hy tank sein foar syn ynset, wêrnei Folkert Kuipers him oanbiedt om as nij lid dit plak yn te nimmen. De ponghâlder sil sa goed as it kin soargje foar de oansluting fan it ledetal kear it taryf.

**6. Bestjoersferkiezings**

Ôfgeand en net wer kiesber binne Gerben Bakker en Assuerus Jorna.

It bestoer stelt út Durk Blauw as nij bestjoerslid te kiezen.

Gerben Bakker wurdt tank sein foar syn ynset en syn soms wol hiel eigensinnige wize fan oanpak. Dit hat de oaren 'wekker' en skerp hâlden en sa heart it ek! Gerben hat de kar makke foar in funksje yn it bestjoer fan de muzykferiening.

Yn syn tankwurd seit Gerben: It wie yn it bestjoer fan Doarpsbelang krekt as yn in grutte húshâlding, der is altyd wol wat. Mar wa't útgiet fan it goede yn in mins komt in hiel ein ek al stiet in oar der wol ris wat oars tsjin oer.

Anne Terpstra nimt no efkes it wurd om de foarsitter ta te sprekken dy't ek ôfskie nimt. Assuerus hat der lang oer neitocht, mar úteinlik dochs de bile der yn set. Wat in soart minsken net witte is dat hy yn Snits syn eigen akkountantskantoar hat, wêr't sa'n 30 minsken harre wurk hawwe. Hy wol derom graach wat mear romte hawwe foal alle útdagings dy't hjir oan fêst hingje. Assuerus syn ynset foar Doarpsbelang hat altyd geweldich west. Der binne mei-inoar wichtige stappen set foar nije ûntwikkelings yn en om Deinum hinne, wêrfan ûnder oaren it fytspaad by de Skimerwei lâns (fan it Holt nei Ljouwert) en de saneamde "Omniferiening". Assuerus is/wie in wichtich oansprekpunt foar gemeente, provinsje en parse. Anne jout nochris oan dat it jammer is dat Assuerus no ophâlde wol en tsjûget, mei út namme fan de oare bestjoersleden, fan djip respekt. Út namme fan it hiele bestjoer sprekt hy syn tank út foar de gearwurking en de wize fan it lieden fan de gearkomsten.

As andert seit Assuerus dat hy it de muoite wurdich fûn diel út te meitsjen fan it doarpsbelang mei alles wat der de lêste tiid bart is en noch op priemen stiet. Fierders bliuwt hy noch diel útmeitsjen fan de saneamde kearngroep foar it plan "Deinum East".

Sittende de gearkomste wurdt Anne oanstelt ta nije foarsitter en kriget hjirby de foarsittershammer oerlange. Omdat hy fanwege syn wurk der wolris net wêze kin, sille syn taken ferdiel wurde ûnder de oare bestjoersleden.

No is der noch in leech plak yn it bestjoer .... Derom wurdt oan de gearkomst de fraach foarlein oft in nij bestjoerslid tuskentiids yn it bestjoer opnommen wurde mei. Hjir binne de oanwêzigen it wol mei iens.

## ***Dan is der skoft***

### ***7. Presintaasje "Veiligheidsbureau Middelsee" oer de berikberheid fan Deinum foar helptsjinsten***

Sippie Boelens docht it foarstellen sels wol efkes. Om de feiligens better te krijen is der yn gearwurking mei 4 gemeenten ûndersyk dien troch it feilichheidsburo. Der is hjirby sprake fan in sa neamde kâlde faze, dat wol sizze: hoe as it op papier regele is. Oer it algemien is de wurkwize sa dat helptsjinsten op in paad stjoerd wurde troch de meldkeamers. By ús is dat Drachten. Út Drachten wei wurdt de post dy't it tichtste by is oppipe. De plysje is meastal wol op 'e dyk, dêrom wurdt de auto dy't it tichtste by is opropen. Hjirby hat de meldkeamer in systeem dat de auto's folgje kin. Peter Ritsema leit ien en oar út as plysjeman. De plysje wurket al mei it folchsysteme foar auto's. Hjirmei kin men krekt sjen wêr't in auto stiet of rydt. Se wurkje mei soarten prioriteiten, nammentlik 1 - 2 - 3. Sa binne der 112-meldingen en op de die (Hollânsk: heterdaad); dizzen binne fuort yn ienen: FAASJE MEITSJE. Hjirfoar kriget eltse portofoan in 'piip' mei de melding 'HAAST'. De meldkeamer sjocht dan de lokaasje fan de auto's en stjoert de auto dy't it tichtste by is.

Der wienen soargen oer de berikberheid fan Deinum (nei de iepening fan de nije dyk), derom is dit ûndersocht. Fan de kant fan St Anne en Stiens duorret it 3 minuten langer; dit is oer te kommen, sa seit men. Mei it systeem fan auto folgjen kin hjir op ynspile wurde. Yn 70% fan de gefallen is de plysje der earder, want dy is dochs al ûnderweis.

Binnentoch oer Ritsumasyl makket neat út. De brânwacht komt fan Marsum, mar it hinget ôf fan wat der foarfallen is. De meldkeamer makket de kar en jout oan wat der nedich is. In goede melding is derom tige wichtich! Hoe sit it dan mei dy iene tagongsdyk dy't Deinum hat?, sa wurdt frege. Dit is wol neamd yn 'e plannen, mar it hat allegearre te krijen mei it budzjet. Op grûn fan de kosten koe de boudyk net lije. Dit wurdt dan by de oannimmers dellein.

Mar is der wol in goede plattegrûn fan Deinum en steane de brânputten der allegearre op? Doarpsbelang sil hjir mei te set: de tekeningen opfreegje en de ynwenners fan Deinum fan ien en oar op 'e hichte bringe.

## **8. Presintaasje Berne Sintrum Deinum**

Renske Olthof, fan it nije bernesintrum yn Deinum, jout in presintaasje oer it sintrum. Nei oerlis mei de gemeente, de stifting foar pjutteboartersplak en de skoalle, is op 1 febrewaris 2015 it sintrum yn it skoalgebou ûnderbrocht. It sintrum is bedoeld foar bern oant 4 jier. It pjutteboartersplak sil op 1 april 2015 komme yn ien fan de lokalen fan de skoalle en op dy dei giet ek de opfang bûten skoaltiid fan start. Dit sit no noch yn Marsum, mar dat foldocht net. Foaral it ferfier is lestich. Mei dizze opfang kinne no alle bern oant en mei 12 jier yn Deinum bliuwe. Der komt in boarterstún foar de pjutten, in sânbak, in terras en faaks wat fruitbeamkes. De yngong komt oan de Spoarstrjitte. Ek komme der twa klimheuvels en beamstronken; we gean op nei in aventoerlike tún, wêr't altyd wat te dwaan is. In fraach oan it doarp is: Is der immen dy't noch wat stiennen oer hat, graach efkes trochjaan, want de gemeente wol it net fierder betelje.

Yn de presintaasje wurde ek in tal foto's fan de ynrjochting sjen litten. It sjocht der tige kreas út. De opfang is fleksibel, wat tsjintwurdich wichtich is. It is in kreaze oanfolling foar it doarp.

Yn oansluting hjirop wurdt oanjûn dat der omtinken frege is foar it bringen en heljen fan de bern oan de Spoarstrjitte, sawol by skoalle as gemeente. It is de ferantwurdlikheid foar ús allegearre! Femmie Heeringa útert hjirby ek har soargen, foaral ek omdat de Spoarstrjitte de ienichste tagong is nei it doarp. De grutte masines fan it leanbedriuw, dy't allinne mar grutter wurde, en frachtauto's hawwe hjir ek harren paad. Net tsjinsteande it gefaar, bliuwt de yngong oan de Spoarstrjitte. Werom eins net oan de oare kant, oan it Pypsterhûf. Wa nimt de ferantwurdlikens en set de bile der yn; der sil mar ris wat barre ..... It bliuwt úteinlik dochs de ferantwurdlikheid fan de âlders sels. Nei't Femmie seit, moat der stelling nommen wurde. *Ek yn skoalle hat der altyd wol omtinken foar west en is it probleem foar it fuotljocht brocht. Mar it binne de âlders sels dy't harren ferantwurdlikens nimme moatte en de bern by it Pypsterhûf út de auto litte moatte. De soargen binne der en dy diele we ek mei-inoar, mar it is net ienfâldich om it ôf te twingen.*

## **9. Presintaasje Omniferiening**

De fraach wie, en ek de opset is, om fan alle 4 sportferienings ien omniferiening te meitsjen. Kin dat wol? Ja, dat kin wol! Al langer is men hjir mei dwaande en der binne al moaie ûntwikkelings. In presintaasje folget oer hoe as it der by stiet mei de iene omniferiening. Foardielen binne der genôch en Deinum lient him der tige foar. Foardiel is ûnder oaren dat der minder bestjoersleden nedich binne. En it is fansels al te gek dat der mear kantines binne yn in doarp as Deinum.

Der binne wurkgroepen ynstelt, de situaasjes fan de ferienings is útienset.

It finansjele oersjoch fan ien feriening, op ien nij plak, sjocht der goed út.

As útgongspunt is it model fan Udiros út Nijhoarne nommen.

Ferfolchstap is it sykjen nei mienskiplike sponsers en hoe dogge we dat anst (letter).

In identiteitskommisje besjocht hoe as je it "âlde" fan alle ferienings mei respekt oergean litte kinne, om ien nije mienskiplike start te meitsjen. Der sil tocht wurde moatte oer nij klupkleuren en in nije namme. Op [www.deinum.nl](http://www.deinum.nl) is te sjen wa't sit nommen hawwe yn de ferskate wurkgroepen. De plattegrûn fan it nije sintrum is te sjen op de side fan de gemeente Menameradiel. No sil ien en oar foarlein wurde moatte oan de (âlde) sportferienings.

Út de seal komt de fraach oft der ek in sporthal/seal komt. Dit wie wol de winsk, mar út ûndersyk blykt dat der gjin jild foar is. It moat finansjeel ek te dragen wêze fansels. Mar yn de plannen foar it terrein is der wol rekken mei hâlden. Yn in wike as fjouwer sil hjir wol mear oer bekind wurde.

Der komt een stifting dy't eigener wurdt fan ien en oar; yn It bestjoer fan de stifting sitte Johannes de Boer Tjeerd Baarda en Erik Jan Wijnsma.

As der in kantine komt, is der dan wol rekken hâlden mei it sichtop de sporthal? freget Freek van der Meer him ôf. Dit is fansels wol wichtich, mar ja, hjir is ek rekken mei hâlden.

## **10. Wat der fierders op tafel komt**

### **a. Gebietsûntwikkeling Deinum-East**

De projektgroep driget anst in tekoart te hawwen foar it hiele plan tusken Marsum en Boksum. De situaasje fan no en de plannen binne noch krekt sa as se yn novimber 2014 op

It Holt presintearre binne. De ûntwikkeling fan it sportgebou stiet der ridlik by, ek binnen it budzjet, mar der wurdt noch sjoen nei de technyk. Bliuwt noch de útdaging foar in yntegraasje fan in sportseal (gjin hal) by it nije gebou. Dit is (noch) net opnommen yn it boubudzjet en der sil dêrom op in oare wize jild foar komme moatte. Hjiroer sil yn juny 2015 noch mei de gemeente oer oerlein wurde; we moatte “der úthelje wat der yn sit”.

De gemeente hat útlis jûn by it grien om de nije feart hinne nei it Boksumer soal. Nei ôfrin fan dizze byienkomst sjonje in oantal Deinumers oars tsjin de situaasje oan. Se hawwe mei de gemeente in oanpast plan makke en dit yntsjinne. Spitigernôch is dit bard sûnder dat doarpsbelang hjirby belutsen wie. It oanpaste plan en de wize wêrop dit groeid is, en ek yntsjinne is, hat wat “rûs” jûn op in oantal kommunikaasjelijnen.

**b. ûnderhâld grienfoarsjennings yn eigen behear**

As ynformaasje it folgjende: Doarpen sille (sa ferwachtet men) yn ‘e takomst sels mear it ûnderhâld fan ‘it grien’ fersoargje. Dit jout in kans om mear sizzenkip te krijen yn ‘it grien’ yn eigen strjitte. It is dan it doel om sels it ûnderhâld yn eigen strjitte te dwaan, wêr’t dan in fergoeding fan de gemeente tsjinoer stean sil. Wol moat de foarstap hjirta út it doarp sels komme; 50% fan de kosten komt dan yn it potsje fan de strjitte. Marsum is der al op dizze wize mei dwaande en dêr tinkt men der posityf oer. Binnekoart komt dit wer by de gemeente op de wurklist foar ferfolchstappen. Ek binne der hjir en dêr noch wat fragen oer, lyk as: Wa draacht de kosten as men fernije wol? Of moat dit dan ek út it budzjet? Dit is no noch net alhiel dúdlik, mar sil wol yn in oerienkomst mei de gemeente fêstlein wurde. De fergoedingen sels binne ek noch net bekind, dat der sil noch wol it ien en oar bepraat wurde moatte. Assuerus jout noch efkes oan dat wat losse hoekjes hjir en dêr, dy’t tsjin immens tûn oanlizze, wol te keap binne by de gemeente; men tinkt hjirby oan in priis fan € 40,00 de kante meter.

**c. AED (defibrillator) yn Deinum**

Karin Koster en Janneke Buma hawwe ûndersyk dien nei de kosten foar in AED en oft it droegen wurdt yn it doarp. Yn in presintaasje wurde de kosten op in rychje set. Hjirby blykt ek dat ús doarpsgenoaten wol efter dit plan steane. Oan de gearkomste wurdt frege om harren fiat te jaan foar de oanskaf fan in AED. Út de seal komme allinne mar positive reaksjes, dat oankeap en sa sille fierders fersoarge wurde; hjir heart ek in kursus by om mei it ding omgean te kinnen.

**11. Omfreegjen**

**Skimerwei:**

Jappie Weiland jout oan dat fan begjin ôf altyd sein is dat Deinumers altyd de Skimerwei brûke meie, neidat de brêge nei Marsum ticht en de Skimerwei iepen stelt is. Jildt dit stânpunt noch altiten?

*Foar safier as wy witte jildt dit noch wol, ja.*

**Keunstwurk “de Sipel”**

Wat sil der barre mei it keunstwurk op “it Hoekje”?

*Assuerus seit dat de ûntwerper, Ids Willemsma, it keunstwurk spesjaal makke hat foar dit plak. In dringende reden om it te fersetten soe mooglikheden jaan kinne, mar dan moat der sprake wêze fan in ûnfeilige ferkears situaasje. De lanlike foarwaarden foar keunst binne hjir fan tapassing. Ids kin hjir in berop op dwaan, as wy it keunstwurk in oar plak jaan wolle. De kar foar dit plak wie trouwens fan histoaryske aard, want foarhinne wie dit it sammel- en moetingplak fan Deinum.*

**Jeugd 12 -18**

Bram Bleeker falt it op dat der yn it doarp neat te rêden is foar de jeugd fan 12 oant 18 jier. Hoe kinne jo de jeugd dan oan it doarp bine, sa freget hy him ôf.

*Yn it foarrige is der troch it bestjoer fan doarpsbelang wol ûndersyk dien ûnder de jeugd en harren âlders. Mar doe’t it op de ferantwurdlikens oankaam lieten de heiten en memmen it ôfwitte. Mar as der âlders binne dy’t wat op priemen sette wolle, wol it doarpsbelang dit graach steune. De*

*aktiviteiten kommisje hat der ek wol oer neitocht, mar hat mear minsken nedich om ta aksje komme te kinnen.*

#### **Hummelhonk**

John Fleur freget wat der barre moat mei it âlde hummelhonk, of is der immen dy't it hiere wol?  
*De gemeente hat dit oan doarpsbelang frege, mar hjiroer is noch neat nijs te fertellen.*

#### **De Heak**

Lia Veneker wit dat der nochal wat auto's harren fêstride, as gefolch fan de nije heak  
*De berikberheid en de oantsjittings binne yn ûndersyk; dit is in saak fan de gemeente.*

#### **Takomst**

Femmie Heeringa fynt dat we wol tige dwaande binne mei alles fan no, mar hoe stiet in mei in fysje foar de takomst? Alle ferbinings nei it noarden en it westen binne trochsniien en dit hat ek gefolgen foar de ekonomyske en sosjale kontakten. Wêr kiest Deinum foar by de gemeentlike weryndieling?  
*In pont oer it kanaal is fanwegen de beropsfeart net mooglik. Mei de weryndieling hâld doarpsbelang har net dwaande, want yn 2018 geane we mei yn de gemeente en kin men pas nei in tiidrek in kar meitsje. Op dit stuit kinst noch net iens kieze, want de gemeenten binne sels noch drok dwaande mei hoe as it ien en oar komt en sil. Dernei is it foaral in fraach oan it hiele doarp Deinum. Doarpsbelang kin as it sa fier is ynformaasje sammelje en oan de ynwenners foarlizze en dat wolle en sille se wis dwaan.*

Femmie wol noch wol efkes oanjaan dat Klaver Trije brûkt wurdt troch en foar guon groepen, minsken en suggestjes. Dit fynt se spitich. Moat dit no sa?

*Assuerus jout noch oan dat doarpsbelang dúdlik, iepen en transparant nei it doarp ta wêze wol; op dy wize ynformearrest neidruklik alle ynwenners fan it Deinum.*

Thom Hofman freget oft it gjin saak is om no al mei it ynwinnen fan ynformaasje oer de weryndieling te begjinnen.

*Anne Osinga fan it CDA follet ien en oar oan: De weryndieling jildt foar de hiele gemeente. De gemeente (it gemeente bestjoer) sil hjiryn inisjativen nimme. Pas dêrnei kinne de bewenners harren miening jaan en oan de ein nimt de gemeenterie it beslút (en net de ynwenners).*

#### **Doarpsbelang**

Thom Hofman freget noch nei it tal leden dat doarpsbelang hat.

*Dit blykt om en neiby de 500 te wêzen. Anko sil it efkes neisjen en it dan yn Klaver Trije opnimme litte.*

#### **Boerd foar frachtweinen**

John Fleur jout noch oan dat it wol handich wêze soe foar frachtweinsjauffeurs om in boerd by de yngong fan it doarp del te setten. Dit kin foarkomme dat se it doarp ynride.

*It is in saak foar de gemeente, mar we nimme it mei.*

#### **Parkearjen**

Durk Riedstra soe wol wolle dat auto's net meer (heal) op de stoepe del set wurde. Nei't Riedstra seit is dat in gefaarlike situaasje foar de bern.

*Dit is de ferantwurdlikens fan de autosjauffeurs en de âlders fan de bern.*

### **12.Sluting**

It is al om en neiby in oere as alve als Assuerus de gearkomste slút.